

# UTWURKING DOARPSFISY RYPTSJERK, TALJOCHTING FOAR IT OERLIZ MEI DE PROVINSJE d.d. 22 okt `20

Punt 2 Wat is der oant no ta bard:

- oerlis mei provinsje en wurkgroep N361 op 7 maart `19; it belied is ferkear fluch ôffiere en oanslútingen beperke.
- oerlis mei de wethâlder Tytsy Willemsma 29 okt. '19; sy sil mei de provinsje yn oerlis.
- mail fan [REDACTED] 16 juli `20 mei de tekening fan "oprijzicht 80 km"; dit is gjin oplossing foar it lânboufekear en boppedat wolle [REDACTED] en [REDACTED] rjocht efter har bedriuwen.
- oerlis mei wethâlder Tytsje Willemsma en [REDACTED] 9 septimber `20.

Punt 3 Doarpsfisy.

- wy ha de doarpsfisy presentjeare yn feb '20 oan doarp en B&W + gemeenterie.
- yn de fisjy wurde it lânboufekear as ien fan de grutste knypepunten yn it doarp neamt. Yn de enkête jout 75 % oan dat de trekkers út it doarp moatte.
- Ut it oerlis mei de gemeente fan 9 septimber hjiroer is ús gesamlike konkluzje, de oanslúting rjocht efter de bedriuwen permanint te gebrûken (dat is in bestand rjocht).

Punt 4 Hoe kin de lânbouûntslúting wol makke wurde rjocht efter [REDACTED]?

- Fuortheljen fan de beamen en strúken; dit jout rom sicht.
- Ferleging fan de snelheid; dit ferleget it "rijzicht" en "oprijzicht" fan de tekening fan de provinsje.
- Ynstellen fan in ynhelferbod.
- Dúdlike belijning en ferkearsbuorden dy by in útrit heare.
- Gebrûk meitsje fan perceelsdaam dy der no ek al foar brûkt wurd.

Wat kin in knypepunt wêze?

- De opriidende trekker is gjin punt, dy moat wachtstje oan der foldwaande romte is, krekt as oeral.
- De ôfslaande trekker fanôf E10 is gjin punt, dy remmet ôf en it oare fekear bliuwt der efter.
- It ienigste knypepunt kin wêze de ôfslaande trekker fanôf Gytsjerk die wachtsje moat foar tjinlizzers. Fanôf de kant fan Gytsjek kin yn dizze binnenbocht maklyk 200 m frij sicht makke wurde foar it efteropkommende fekear.

Punt 5 Ofwardjêrjen Westerdyk.

Doarpsbelang Ryptsjerk stelt foar dat de Westerdyk ôfwardjerre wurd sa as nei in klearkommen fan de Sintrale As de bedoeling wie: de N361 fan in regionale nei in lokale dyk. De belijning wurd trouwes ynkoarten al oanpast nei "erftoegangsweg met kantmarkering".

Werom de Westerdyk ôfwardjerje?

De Westerdyk rint fan de “faunapassazje” oant de E10 en dat is mar 1800 m. Hjir komme op út: 3 syddyken, 12 útritten fan wenningen, 3 fytsoerstekken, 3 bushaltes en 18 lânboupercelen. De Westerdyk is no ek tagongklik foar alle lânboufekear!

*Werom wol de provinsje sa graach dat hjir sa hurt riiden wurde moat? (Jo binne 30 sekonden earder op è oare ein).*

As de snelhied nei beneden kin, dan is de N 361 fan Aldtsjerk oan de E10 bûten de doarpen oeral 60 km en yn de doarpen 50 km. Dit jout in konsekwint en rêstig fekearsbyld. Auto`s fan en nei Dokkum sille ek faker foar de Sintrale As kieze.

Troch it “lange stik” fan Breedyk oant Ypeijsingel sa yn partsjes te dielen wurd it fekear automatisch ôfremme.

Punt 6 Wat wurdt mooglik?

a. Koarte termyn:

- Lânboufekear út it doarp en kjellemesterij krijt feiliger oanslúting. Frachtauto`s foar de kjellemesterij hoegje net meer efterút de dyk oer te stekken.
- Fytsers en fuortgângers krije by de Tsjerkelânsreed in oerstek by de bushalte sa as Ypeysingel en Breedyk. En alle oanslútings wurde feiliger by 60 km.
- Minder lûdsoerlêst; dit is better foar de minsken yn besteande en nye wenningen.
- As [redacted] en [redacted] groei of grutter ark oanskaffe jout dat gjin problemen; wy binne dan klear foar de takomst.
- It Jeukeboskje kin syn 2 oanslútingen hâlde as pick-nick plak.

b. Lange termyn:

- As de trekkers fuort binne, kin de Binnendyk ynrjochte wurde sa as by in 30 km dyk hjert. It fekear hat no noch te folle romte en riid foar 50% te hurd.

Punt 7 Konklúsje en fragen oan de provinsje.

- Wy ha as doarp gjin oare mooglikheid as de oanslúting op 'e Westerdyk.
- Wol de provinsje meiwurkje om dizze oanslúting better geskikt te meitsjen?
- Soene jim de kjellemesterij der ek op oanslúte wolle?
- Wat fynt de provinsje fan de oerstek foar fytsers by de bushalte Tsjerkelânsreed?

Sjoch dizze oanpassingen oan de Westerdyk as in kâns yn de ôfwardjering van de N361 en net as in bedriiging!